
SKRIFTLIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

Fan : *Tsjerk Bouwhuis - FNP*

Datum fan yntsjinjen : 22-03-2021

Oan (*kar*) : It kolleezje fan boargemaster en wethâlders

Underwerp : Bêd en Brochje

Wize fan beëntwurdig : Skriftlik (binnen 30 dagen)

Datum tuskentiidsk antwurd :
(*as it fan tapassing is*)

Datum beäntwurdig :

Taljochting:

- Yn de bylagen fan de riedsútstellen op agendapunt 6,7 en 11 wurdt de term 'Bed & Breakfast' brûkt. (Gemeenteried 31 maart 2021)
- Dat sjogge wy graach feroare yn 'Bêd & Brochje'.
- De gemeenteried hat it taalbelied '*Frysk. Fanselssprekkend!*' fêststeld.
- Ien fan de konklúzjes hjirút is: '*In taal dy't libbet is sichtber*'.
- Dêrom. Konsekwint de term Bêd & Brochje yn beliedsstikken brûke leveret hjir in wichtige bydrage oan.

Taal is ien fan de wichtichste dragers fan de Fryske kultuer. Toeristen dy't fan de dizze kultuer priuwe wolle, kinne dat poerbêst dwaan yn ien fan al dy Bêd en Brochjes dy't Súdwest-Fryslân ryk is. En no is krekt dit konsept yn bestimmingsplannen omskreaun as Bed & Breakfast. De FNP-fraksje sjocht dat graach oars.

It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fraach te beäntwurdzjen:

1.	De FNP-fraksje fersiket it kolleezje om yn takomstige beliedsstikken / regels 'Bêd & Brochje' te brûken yn stee fan 'Bed & Breakfast'. Is it kolleezje ree om yn dat fersyk mei te gean?
	<p><u>Antwurd:</u> Ja, it kolleezje is ree om te foldwaan oan it fersyk fan 'e FNP-fraksje om yn takomstige beliedsstikken / regels 'bêd & brochje' te brûken yn stee fan 'bed & breakfast'. It sil dan benammen gean om bestimmingsplannen en beliedsstikken op it mêd fan rekreaasje en toerisme.</p> <p>It taalbelied fan de gemeente is fêstlein yn it rapport 'Frysk...en mear!'. Dêryn binne in tal útgongspunten opskreaun. It doel fan dy útgongspunten is koartsein: ús ynwenners en ûndernimmers útnûgje om it Frysk te brûken, sûnder it op te lizzen.</p>

Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):